


# Sneon 29 oktober: 'teater yn de kroech' @ doarpshûs *It Swaeigat!*



KREDO

Kredo is de opfolger fan it suksesfolle kroechteaterstik Katarsis. Kredo spilet him wer ôf yn de kroech, oan de tooch. Ek Kredo is skreaun troch keunstner Gerrit Breteler.

De tematyk fan it stik is it hjoeddeistige plattelân en hoe't it minskdom him dêrta ferhâldt. Wat binne de konsekwinsjes fan 'e de feroarings sa as dy yn rap tempo oer de plattelânsbewenner hinne komme? Hoe ferhâlde wy ús ta inoar? Wat bart der mei de taal?

Sykte en soarch bin twa wichtige saken yn in minskelibben. Yn Kredo docht bliken wat dit foar Pytsje, de fiskersfrou út Paesens, betsjut. Rudmer, alias Rudy C., rekket folslein fan 't anker as hy in swiere boadskip te ferwurkjen krijt. Ds. Strikwerda, mei emiritaat, is de grutte riedshear foar it yndustrialisearjen fan de soarch.

Ds. Strikwerda, mei emiritaat, is de grutte riedshear foar it yndustrialisearjen fan de soarch. Hy is it ultieme gewisse.....en sa hat de kommisje him fûn.

Yn syn frije tiid skriuwt 'r toaniel. "Werom yn Siddeburen" is it stik wat hy yn kafee "De Bûnte Bok" foar it fuotljocht bringe wol. Mei help fan de diva Bianca van Slageringen, dy 't har yn it doarp te wenjen set ha, tidlik fansels, moat dit stik in grut sukses wurde.

De humor en de tragyk wikselje inoar yn rap tempo ôf, it bisûndere Fryske taalgebrûk sil wer hilaryske en bewûnderjende reaksjes opleverje.

Skriuwer: Gerrit Breteler  
Rezjy: Joop Wittermans  
Akteurs: Anke Bijlsma, Gerrit Haaksma  
Produksje: Stifting Achmea Culpa

Wat?  
Kredo;  
teater yn de kroech!

Wêre?  
Doarpshûs It Swaeigat

Wannear?  
Sneon 29 oktober 2011,  
fanôf 20.00 uur

Wa?  
In produksje fan Stifting Achmea Culpa under rezjy fan Joop Wittermans en de spilers Anke Bijlsma en Gerrit Haaksma.  
Skriuwer fan it stik is keunstner Gerrit Breteler.

Wêrom?  
Foar wer in tige gesellige jun foar alle Heidenskipsters, mar fansels ek foar alle oare belangstellenden..

*Groetnis fan 'e feestkommisje*

**Let opl:** Opjêfte giet wer troch it oermeitsjen fan 'e entreepriis. Jo meitsje dan 10 euro p.p. oer op rekkeningsnummer 37.21.16.280 t.n.v. Doarps-en streekbel. It Heidenskip. Heidenskipsters krye as earste de kâns om opte jaan, mar wachtsje net te lang! Der binne 80 plakken beskikber, en dêrfoar jilt: fol = fol!